

# DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip  
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald  
Port payé  
Baam

ôfstj.  
A. R. Koopmans-Nieuwland  
Lindenheuvel 14  
1217 JX Hilversum

## Gearstalling Bestjoer

### Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

**foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626  
**+ ledeadm.** Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum  
e-mail: gurbe@xmsnet.nl

**skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624  
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum  
e-mail: kritehilversum@gmail.com

**ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624  
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum  
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**  
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**

**alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889  
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 101252, 1223 CZ Hilversum  
e-mail: triwa@hotmail.nl

-.-

**boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733  
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum

G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586  
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum

**iterij** : Bestellingen trochjaan oan:  
Jan Kooistra, tel. 035-6218626  
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)

-.-

### Eareleden:

earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk

earelid: H. van Duinen, De Jouwer

## Fan de foarsitter

Wat kin in minske it al drok ha. Ek al is men al jierren út it wurk wei. As men neist wat hobbys ek noch niget hat oan sporten sa as reedriden, darten en fuotbaljen dan komt men yn sa'n wykein tiid tekoart. En dan moat de Tille dit wykein ek noch printree makke wurde! Mar och jo hearre my net krimmenearjen. Salang 't men alle sport op telefyzje folgje kin fan 'e loaie stoel út, kin men mei sporten âld wurde! Ek kin men tsjintwurdich de sportprogramma's op de telefyzje opnimme en letter besjen. Dan hat men fan ien sa'n wykein noch dagen wille. Wylst ik dit alles oan it papier tabetrou en mei in skean each nei it darten op 'e telefyzje sjoch, wint ús Fryske dielnimmer Danny Noppert fan De Jouwer yn de earste omloop fan it '2016 Grand Slam of Darts' yn Wolverhampton fan de Eastenrykse Mensur Suljovic. In grutte ferrassing! No moat hy moarn tsjin Raymond van Barneveld. Mar wer hie ik it ek al oer. Oh ja oer de dagen folje mei sitten en sjen. Soks kin fansels net altyd en it wie ek wat oerdreaun. Ik kom wier wol in pear kear yn 'e wike bûtendoar... en as it moai waar is ek wol faker. Fan 't maitiid binne wy hast fjouwer wike mei de caravan yn Fryslân west en ha ik op Pinkstermoandei foar de fjouwerentritichste kear de Alvestêdetocht fytst. It wie in moaie tocht dit

jier, foaral as men wat betiid yn Boalsert úteinsette mocht want letter op 'e dei begûn it te reinen. Ek binne wy dit jier wer nei in iepenloftspul west. Yn Kimswert diskear by 'Grutte Pier'. Dêr hawwe wy it droech hâlde kinnen ek al reinde, wjerljochte en tongere it om ús hinne. 't Wie krekt as kaam Grutte Pier sels even om it hoekje loeren. In moaie foarstelling wie it!

No noch even werom nei ús lêste kritejûn op 15 april yn 'De Waaier'. Spitich dat der mar in bytsje minsken wienen. Mar mei sa'n dik tweintich leden hawwe wy in prachtige kwisjûn hân mei Gerrita Otten fan Seist. In elk wie fan tinken dat se wol ris wer delkomme mocht mei in kwis. It wie wierskynlik ek de lêste kritejûn yn "De Waaier". It hat ús in winterskoft lang tige goed foldien, mar de seal yn Flat Kerkelanden is nei de ferbouwing wer beskikber foar ús toanieljûnen. Dy hawwe wy dan ek fuortendaliks mar fêstlein. Sjoch it oersjoch op de side 7 fan dizze Tille.

Us earstkommende kritejûn is dus wer yn 'Nieuw Kerkelanden' mar net yn de grutte seal. De jûn mei Hylke Speerstra hâlde wy yn de nije Brasserie, fuortendaliks by de haadyngong. Ik hoopje foaral dat der in protte leden op ta komme. Hylke Speerstra is in baas ferteller! Oant dan.

Jan Kooistra

## Nijs fan de Boeketafel

Dizze kear giet it oer alle boeken fan 'e boeketafel. Foar it jier 2016/2017 hawwe Jellie en ik nije boeken derby socht. Dat binne:

Ferdinand de Jong : *De Nova Scotia staazje*.

Dit is in spannende roman sa't wy fan Ferdinand de Jong went binne.

Dolf Kessler : *Sjoch dizze stêd*.

In moai fotoboek yn it Frysk/Nederlânsk. Dy stêd is Ljouwert.

Aggie fan der Meer: *De achttjin*.

Ek in spannende roman.

Hylke Speerstra : *De kâlde krústocht*.

Iisferhalen. Skreaun yn it Frysk/Nederlânsk.

Albertine Soepboer: *De Seemearmin*.

Roman.

Geart Tichelaar : *Bêste jonge*.

In psychologyske roman.

Jules Verne : *In reis nei de moanne*.

Mei de âlde yllustraasjes.

Tjêbbe Hettinga : *Evening Nox*.

Gedichten yn it Frysk/Nederlânsk.



Keapje jo foar € 10,00 as mear oan boeken dan krije jo dizze moanne in geskinkboek fergees. It geskinkboek is dizze kear skreaun troch Marga Claus & Aggie van der Meer mei de titel: *Neiskrift*. Nei novimber kostet dit boek € 4,--.

Yn oktober fûn de jierlikse Frankfurter Buchmesse plak. Dit jier wie der ek in stand mei Fryske boeken (spesjaal dêrfoar oerset nei it Ingelsk). Ien fan 'e tsien boeken is *De achttjin* fan Aggie van der Meer. En dat boek ferkeapje wy. It is ek noch ôfpriizge. It kostet no mar € 4,00 !!

En dan komt it: op sawat alle **BOEKEN KOARTING ! ! !** Jo kinne no ûnder de tsien euro mear as ien boek keapje. Doch it dan ek.

Jellie Conradie & Gesiena van der Leij

## Bysûnder slotprogramma fan it Gysbertjier 2016

Op sneintemiddei 27 novimber wurdt it 350ste Gysbert Japicxjier ôfsletten mei in konsert fan it ferneamde ensemble Camerata Trajectina yn de Martinitsjerke fan Boalsert. Yn 2003, by de betinking fan it 400ste bertejier fan Gysbert Japicx makke dat ensemble foar âlde muzyk al in cd mei in part fan syn lieten. It besocht doe mei santjinde-iuwsk Frysk en mei ynstruminten út dy tiid sa ticht mooglik by it orizjineel te kommen. De cd foel sa yn 'e smaak dat dy yn koarte tiid útferkocht wie.

In soad fan Gysbert Japicx syn gedichten binne makke om te sjongen. Sa hat er in

tritich lieten skreaun op doedestiids bekende wizen. Faak keas er meldijen dy't yn Hollân yn swang wiene, mar ek noch al wat meldijen komme oarspronklik út oare Europeeske lannen. It ensemble Camerata Trajectina hat ûnder lieding fan prof. dr. Louis Grijp (1954-2016) stúdzje makke fan en klank jûn oan de útfieringswizen fan de Nederlânske muzyk fan de midsiuwen ôf oant en mei de 17e iuw. It troch him oprjochte ensemble joech withoefolle konserten en makke cd's oer ferskate tema's.

De programma's fan Camerata Trajectina binne opboud om literêre, politike en religieuze tema's en persoanen hinne. It ensemble wurke mei oan tal fan nasjonale betinkingen. Yntinsyf ûndersyk en in spontane útfiering, dêr't de ymprovisaasje in grutte rol yn spilet, karakterisearje de konserten fan it ensemble. Oan it programma wurdt fierder meiwurke troch de dichter Jacobus Q. Smink dy't yn 2013 de Gysbert Japicxpriis wûn mei syn bondel *Sondelfal*.

Tagongspriis € 10,00 ynkl. kofje/tee yn it skoft (kontante betelje of it bedrach yntiids oermeitsje op NL15RABO0127594264 mei as omskriuwing GJ350).



Oernommen út  

Sjoch ris op: [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl)



FRYSK  
SELSKIP



frysk  
rij en

HILVERSUM



nûget jimme út op

**Sneon**

**26 novimber 2016**


yn de nije Brasserie fan

**“Nieuw Kerkelanden”**

Franciscusweg 137

1216 SB Hilversum

**BEGJIN 20:00 OERE**



Foar dy jûn ha wy útnûge de skriuwer en ferteller

**Hylke Speerstra**

Skriuwer fan û.o. ‘It wrede paradys’ en ‘Op klompen troch de dessa’

Hylke Speerstra is de bêst ferkochte en dêrmei bekendste libjende Fryske auteur. Hy skriuwt yn it Frysk en it Nederlânsk. Sadwaande hat er yn de rin fan de tiid ek nochal wat namme opboud bûten Fryslân. Foar it grutste part kin syn wurk ta de non-fiksje rekkene wurde, mar syn jongste wurk skaait aloan mear út nei in mingfoarm fan fiksje en non-fiksje, in literêre foarm dy’t men – mear as yn Nederlân – foaral yn de Angelsaksyske lannen tsjinkomt.

Hylke Speerstra waard op 7 juny 1936 berne op in boerepleats op lemswâlde ûnder Tsjerkwert. Syn foarlân like it boerebedriuw te wurden, mar hy wie net sa honkfêst. Nei it lânbou-ûnderwiis sette er him ta de selsstúdzje. Dêrby wiene talen syn passy.

Fansels stean ús diskus mei Fryske boeken en iterij dizze jûn ek wer foar jimme klear

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is, skilje dan even in wike tefoaren nei nûmer 035-6218626

**Tagongspriis:** Leden € 5,00  
Net-leden € 10,00

## Us oare kritejûnen yn it winterskoft 2016-2017

### Freed 6 jannewaris 2017

Algemeine ledegearkomste mei foarôfgeand nijjierjen en in miel stampot

### Sneon 18 febrewaris 2017

Toanielselskip “De Lytse Komeedzje” út Drachten mei it stik  
“**Allegear Komeedzje!**”

### Freed 24 maart 2017

Toanielgroep “Boadegraven” mei it stik  
“**Twafertsjanners yn twastriid**”

-.-

*En ek al fêstlein foar it winterskoft 2017-2018:*

### Sneon 25 novimber 2017

Selskip “Noordenbos & Ko” mei harren programma  
“**Ferbining**”

Al dizze jûnen binne jimme wolkom yn de Brasserie óf de Grutte Seal fan



**Nieuw Kerkelanden**

Franciscusweg 137

1216 SB Hilversum

Fansels soe it ús ek tige goed dwaan as jimme de **ynlage** (kontribúsje)  
foar it kommende winterskoft sa gau mooglik oermeitsje wolle op

Rekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**

o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou  
€ 30,00 foar in troud pear of in stel

*mear mei fansels ek...☺*

# Obama gaat relaxen bij de Obbema's

**EXCLUSIEF**  
'IT HAT GENÔCH WEST'

**B**arack Obama zal na de Amerikaanse presidentsverkiezingen afreizen naar Friesland om daar zijn familieleden te bezoeken. Dat heeft het Witte Huis vrijdag bekendgemaakt. Zoals bekend stamt Obama af van de 'Friese Keniaan' Jelle Obbema, die zijn naam ver-Afrikaniseerde naar Obama. Zijn zoon Sjoerd-Bark Obbema, Obama's oerpake, was de grondlegger van het pepermunt-imperium King in Sneek.

Na acht slopende jaren is Obama wel toe aan een periode van rust. Hij zal in Friesland logeren bij zijn achterneef Wobbe Obbema Lzn., op de boerderij It wyte hûs in Pingjum. Hij is van plan bezoeken te brengen aan

verschillende Friese sportevenementen. Bij Heerenveel ligt een seizoenkaart voor hem klaar. De Ob(b)(e)ama's behoren al eeuwen tot de Friese sportelite.

Nu hij weer tijd heeft, wil Obama zich bekwamen in fierljeppen en kaatsen. Hij hoopt op een vroege winter, zodat hij ook de doorlopers kan onderbinden. Dit onder leiding van Douwe Obbema Hzn., de nummer 56 van de laatste Elfstedentocht.

Bij Wobbe Obbema liggen de frisse lakens al op het logeerbed. De spullen voor Obama's favoriete gerecht, Dockumer Beantjebrij, zijn al in huis. 'De berenburg stiet kâld', aldus Wobbe Obbema. 'Dêr lest hy wol sop fan!'

De Friese achtergrond van de Amerikaanse president, een HNS-primeur, gaf veel ophef. De scoop haalde de internationale pers, waaronder de Franse krant *Libération*. Mede dankzij de steun van veel Friese Amerikanen wist Obama in 2012 een tweede termijn te veroveren. 'Tige tank', aldus Obama destijds.

Inmiddels heeft Donald Trump verklaard dat hij ook Friese roots heeft (de suikerwarentycoon Johs. Tromp zou een oudoom zijn). Daarop maakte Hillary Clinton bekend dat ze is vernoemd naar haar beppe Hillie uit Hindeloopen. 'It sil heve', aldus Hillary, in een zwakke poging Obama's electorale succes te evenaren.



**Buf ten Napel**



Dêr wie er wer. Sneon dûkte it ferhaal wer op yn de Ljouwerter krante oer itendroppings yn 'e oarloch. Wa't it ferhaal de wrâld ynbrocht hat, wit nimmen mear, mar it wurdt al lang foar wier troch ferteld. Sterker noch der binne stadichoan mear tsjûgen dy't sizze dat se it sels sjoen hawwe. It is it ferhaal fan de Sweedske wite bôle dy't út fleanmasinen dropt waard yn de hongerwinter 1944/45. It ferhaal is hieltyd moaier makke. Der binne guon dy't fertelle dat se de bôle oan lytse parasjuten hingjen seagen. De generaasje dy't it sels meimakke hat, stjert no stadichoan út, mar de ferhalen wurde foar wier trochferteld: "Us heit hat it sels sjoen." Yn Sneon&Snein stoffet de LC it ferhaal noch mar wer ris ôf: "Uit de lucht dwarrelden pakketten met Zweeds wittebrood, chocolade en sigaretten..." It wurdje 'dwarrelden' lit jin tinke oan in bôle oan in parasjute. Mar sa wie it net. Heit en pake kinne it net sjoen hawwe. Der is gjin wite bôle oan parasjuten út fleanmasjinen smiten. Wol hat it Reade Krús yn jannewaris 1945 trije skippen mei moal út Sweden nei Delfsyl komme litten. Dat moal is sa goed en sa kwea as dat gong ferdielt ûnder de bakkers. Moal is in better artikel as bakke bôle om minsken oan iten te helpen. Letter binne der yn de lêste oarlochswiken wol pakketten mei iten dropt. Dat waard de operaasje Manna neamd nei it bibelske ferhaal fan de Israelieten yn de Sinaïwoestyn, dy't alle dagen manna út 'e himel krigen sa't it ferhaal ús leauwe litte wol. De hjir bedoelde pakketten wiene de pakketten mei alle soarten libbensmiddels lykas blikken fleis, sûkelade, blikken griente ensafuorthinne. Der siet ek moal by, mar gjin bôle. Dy pakketten 'dwarrelden' ek net út 'e loft mar kamen frij hurd op 'e grûn del. De mite fan de wite bôle dy't oan parasjuten út 'e loft dwarrele, lit mar wer ris sjen hoe ûnbetrouber it minsklik ûnthâld is. Mar it ferbjusteret noch mear as der minsken op oare plakken neffens eigen sizzen itselde 'mei eigen eagen' sjoen hawwe. It is tagelyk in warskôging om minsken "dy't it mei eigen eagen sjoen hawwe" net daliks te leauwen. Wat langer it lyn is, wat ûnbetrouberder dy ferklearing wurdt.



## Lekker ite mei ...

Nei sa'n lange simmer en bytiden sokke hite dagen dat men hast gjin sin oan waarm iten hie, sakket it kwik no wer nei de winter. It treft dat wy krekt no ek oan it waarme iten ta binne yn de rige fan resepten út de Libelle fan maart 1987. Diskear earst mar ris in resept foar in waarm jûnsmiel út it noardwesten fan Fryslân. Wat tochten jimme fan

### ***Biltske preisop***

#### *Yngrediïnten*

- 500 gr jonge prei
- 40 gr bûter
- 50 gr blom
- 1¼ ltr kowebûljon
- 150 gr kowegehak
- 1 lyts sipeltsje
- sâlt, piper
- nûtmuskaat
- 1 aaidjerre
- ½ dl slachrjemme



#### *It klearmeitsjen:*

De prei skjinmeitsje en wyt en grien yn smelle rinkjes snije. Yn de soppanne de bûter rane en hjir de prei súntsjes 10 minuten yn smoare, sûnder te kleurjen. De blom derby riere en 1 minút prottelje litte. Yn parten 1 mingel bûljon derby dwaan en hieltyd glêdriere. It sop oan de soad bringe en 10-15 minuten súntsjes siere. It gehak mei it fynhaksele sipeltsje, wat sâlt, piper en nûtmuskaat minge en der sobaltsjes fan draaie. Dy yn de rest fan de (siedende) bûljon yn 10 minuten súntsjes gearsiere. De baltsjes by it sop riere. It stealtsje bûljon seve en der ek by dwaan. It sop op smaak bringe. De aaidjerre mei de slachrjemme fertinje. In bytsje fan it sop der by riere en dat wer by it sop riere. It sop noch efkes al rierend ferwaarmje, mar net mear oan de soad bringe. Lekker mei stikjes Frysk roggebrea, tsjok belein mei Frysk krûdtsiis.

Lekker ite!  
...Aachje

## Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

### Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter  
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729  
e-mail: [c.punter@wxs.nl](mailto:c.punter@wxs.nl)

skriuwer : Hendrik Visbeek  
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541  
e-mail: [h.t.visbeek@kpnmail.nl](mailto:h.t.visbeek@kpnmail.nl)  
websiteside: [www.melleveenstra.nl](http://www.melleveenstra.nl)

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye  
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

### "It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek  
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343  
e-mail: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr)  
websiteside: [www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr)

### "Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : K. Kuipers  
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert 058-2125383  
e-mail: [k.kuipers1938@kpnmail.nl](mailto:k.kuipers1938@kpnmail.nl)


## OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage.

Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frys Boun om Utens:

[www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr)

*De verste Bakker  
in Sneek en  
Z. d. dichtsij.*



# DE HAAN'S BAKKERIJ

HOOGEND 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

Speciaal adres voor: Gevulde Omjickoeken

**FRYSK EN FARSK**

**YN 'E PROVINSJE  
EN EINS  
TROCH IT HIELE LAN  
JO BINNE TE PLAK BIJ**

**DE HAAN'S BAKKERIJ**

**YN SNITS**

**HEECHEN IS**

**FUORT BY DE**

**WETTERPOARTE**